

Wy sykje dy! **Helpsto ús om fan Lân fan taal in grut súkses te meitsjen?**

Yn 2018 wurdt Ljouwert-Fryslân de Kulturele Haadstêd fan Europa. Lân fan taal is dêr in wichtich ûnderdiel fan. Lân fan taal wol nije ûnderfiningen biede yn oare talen en dissiplinen ast faaks wend bist. Lân fan taal jout romte om it belang en it ferskaat fan taal kenne, ûnderfine en benammen fiele te learen. De Afûk realisearret foar Lân fan taal in Taletún en in Talepaviljoen yn de Prinsetún yn Ljouwert.

Taletún: boarters- en ûntdekkersplak foar bern

Yn 2018 feroaret de Prinsetún yn Ljouwert yn in Taletún! Krekt as blommen yn in echte tún groeit en bloeit dêr dan taal. Fan letter oant wurdsje, fan wurdsje oant sin, fan sin oant ferhaal oant boek oant ... Yn de Taletún geane pjutten en bern út it basisûnderwiis op syk nei taal, boartsje se mei taal, belibje se taal en meitsje se taal.

De jongsten geane yn de Taletún op syk nei de freonen fan Tomke (pjutten) of Rinze de Kikkert (groep 1 en 2). Foar de bern fan groep 3, 4 en 5 giet der yn de tún in wrâld fan talen iepen: se geane op syk nei – en ûntdekke bekende mar ek ûnbekende talen en geheime boadskippen. Foar de groepen 6, 7 en 8 wachtet in spannend (taal)aventoer. Wat bart der mei dy as't yn in lân komst wêr'tsto de taal net kinst?

Yn de perioade fan 31 maart o/m 28 oktober 2018 ferwachtsje wy alle dagen (útsein de skoalfakânsjes) skoalgroepen yn de Taletún. Foar it begelieden fan dy groepen binne wy op syk nei

edukatyf begelieders Taletún

As edukatyf begelieder ûntfangst skoalgroepen, do joust ynstruksje en ynformaasje en begeliedst groepen troch de tún. Bist oansprekpunt foar dosinten/begelieders en bern, want do witst ommers hoe't it sit en hoe't it wurket.

- Do kinst bern entûsjastmearje;
- Do bist in ymprovisaasjetalint en kinst ynspylje op de groepsdynamyk;
- Do hast affiniteit mei taal, kultuer, edukaasje en frij spel
- Do bist beskikber foar op syn minst 5 skoaldagen (of mear) yn de perioade 31 maart o/m 28 oktober;
- Do bist de Fryske en Nederlânske taal machtich. Oare talen binne ek wolkom!

Wy biede

- in geweldige ûnderfining yn in machtige (wurk)omjouwing;
- in frijwilligers- en ûnkostefergoeding;
- de nedige ynformaasje en ynstruksje.

Wurklokaasje: Prinsetún, Ljouwert

Liket dy dit wat ta?

Stjoer dan fuortendaliks dyn persoanlike gegevens mei in koarte motivaasje oan Corry van der Vee: c.vandervee@afuk.nl. Wy nimme dan sa gau as mooglik kontakt mei dy op.

Wolst earst noch wat mear witte? Dat kin fansels. Stjoer dyn fragen mei in mailtsje oan Fokke Jagersma: f.jagersma@afuk.nl.